

Tekst: Danique Sweerts (Kaapstad)

Oersetter: Jaap Hogendorp Wethâlder Gemeente Achtkarspelen

Einredakteur: Janny Bottema

## **Syenda en die geheim van de bobbejaan**

(Syenda en it geheim fan de baviaan)

Der wie ris in jonge dy't Syenda neamd waard. Hy wenne yn Súd-Afrika en siet op in skoalle mei noch 290 oare bern. De heit fan Syenda wurke op in apelkwekerij. Alle dagen plôke hy apels, dêr fertsjinne er syn brea mei.

Op in dei kaam Syenda thús út skoalle wei en sei tsjin syn mem: "Mem, hjoed seach ik in baviaan neist it klasselokaal rinnen. Wat soe er dêr dwaan?"

Syenda's mem antwurde: "Miskien wie er ferdwaald. Bavianen binne brutale apen, dêr moastst net te ticht by komme." Dochs wie Syenda hiel benijd nei wat dy baviaan dêr op it skoalplein woe. De oare moarns rûn er allinnich nei skoalle ta, mar de aap wie nearne te sjen. Ek út it klasselokaal wei seach er niks.

Yn it earste skoft waard drok boarte. De bel gie en alle bern draafden de skoalle wer yn. Doe't Syenda ûnder it rekkenjen de holle der eefkes net by hie, seach er ynienen wat út syn eachshoeken wei ferskinen. Kjel seach er op, maar it wie al wer fuort.

"Soe dat de baviaan wêze?" tocht Syenda lûdop. "Syenda!" rôp de juffrou lûd, "Wêrom dochtsto net mei oan de les?" Eefkes twivele Syenda oft er wol sizze moast wat er sjoen hie. De rest fan de klasse seach him mei grutte eagen oan.

"Ik tocht dat ik wat by it rût lâns rinnen seach, in baviaan leau'k," sei er twifeljend. De klas begûn hiel hurd te laitsjen mar de juffrou stelde Syenda gerêst. "Der sitte hjir hielendal gjin bavianen, Syenda, meitsje dy mar mar gjin soargen."

Miskien hie de juffrou wol gelyk. De rest fan de dei hie er ek neat mear sjoen. Doe't de lêste skoalbel gie, draafden alle learlingen nei bûten ta en it skoalplein rûn stadichoan leech. Syenda siet as iennige noch te wachtsjen op it skoalplein oant syn heit klear wie mei apelploekjes. Underwilens besleat er om in rûntsje om de skoalle hinne te rinnen. It wie in kleurich gebou mei in soad planten der omhinne. Doe't er syn rûntsje hast makke hie, kaam er by it lokaal dêr't er de baviaan sjoen hie. Dochs sei er tsjin himsels dat it net wier wêze koe, want de juffrou hie sein dat...

“Oehoehoe!” Syenda sprong fan skrik omheech. Dêr stie er dan, it wie écht wier. Stadich kaam de baviaan op him ôf. Syenda wist net wat er dwaan moast, mar besleat dochs om stean te bliuwen. Doe seach Syenda dat de baviaan nei it ien of oar op syk wie. De baviaan strúnde wat om oant er wat fûn: in pûdsje mei crackers. It wie fan ien fan de skoalbern, dy’t it yn de boskjes smiten hie. Hy pakte it pûdsje en naaide út. Syenda besleat om him te folgjen. Hy draafde troch de strúken en kaam úteinlik by de berch telâne. Dêr sieten nochris tweintich oare bavianen. Se ieten allegear restjes op dy’t troch de skoalbern fuortgoaid wienen. Syenda stie fersteld. “Dy itensrestjes fan minsken kinne dochs net goed wêze foar bavianen?” tocht er.

De oare moarns op skoalle besleat er om alle bern oer syn ûntdekking te fertellen. “Net ien mei noch itensresten op it skoalplein goaie. Dêr komme de bavianen op ôf en sy wurde hiel siik fan dat iten.”

“Mar as wy gjin itensrestjes achterlitte dan hawwe de bavianen ek gjin iten mear!” rôp in klasgenoat fan Syenda. Doe betocht Syenda in geweldich plan. “As wy no allegear oan ús heiten freegje oft sy in apel meinimme fan it wurk, dan litte wy dy op it skoalplein achter. Dat is sûn en lekker en dan hoege de bavianen gjin honger mear te hawwen.”

En sa gong it ek. Fol spanning sieten de bern út de klaslokalen wei te sjen. En ja hear, dêr kaam de baviaan oanrinnen. En noch ien, en noch ien... der wienen mar leafst fyftich! Allegear ieten se fan dy allerhearlikste apels en gienen dêrnei mei folle búkjies werom nei de berch ta. Syenda hie de holle der wer by yn de les en hy hope dat er de bavianen alle dagen sjen soe.

